

Aan Provinciale Staten
t.a.v. de Fractie FNP
t.a.v. de heer S. Posthumus

Ljouwert, 20 febrewaris 2018

Ferstjoerd, **28 FEB. 2018**

Ús merkteken : 01499387
Ôfd/Opjefte : Fergrutsjen ynnovatyf fermogen
Opsteld troch : (058) 292 56 57 of t.hazenberg@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beantwurdig skriftlike fragen oer Skiermûntseach en eigen
regeljouwing Fryslân sirkulêre ekonomy

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 5 febrewaris 2018 beäntwurdzje wy as folgt.

Fraach 1:

Hoe stiet it mei de lobby yn polityk-Den Haach om foar Fryslân oare of minder regels te realisearjen op it mêd fan de sirkulêre ekonomy? Yn hoefier is it regear of is de Twadde keamer ree om dêr yn mei te gean? Sa ja, kinne jo ús ynformearje oer it ferfolch? Sa nee, kinne jo harren arguminten werjaan wêrom't it pleit fan Fryslân foar 'wetjouwing op maat' foar de Fryske situaasje net honorearre wurdt?

Antwurd fraach 1:

Wy stean noch oan it begjin fan de transysje nei de sirkulêre ekonomy. De lobby nei Den Haach en Brussel giet oant na ta foaral oer it delsetten fan Fryslân as meast geunstige ontwikkelregio foar de sirkulêre ekonomy. Basearre op in regionale grûnstoffen stromenanalyse hat VCF in plan makke. Dat hat laat ta in groeiend tal bedriuwen en ynstellingen da't harren oanslute by VCF. Mei dertroch is Fryslân útroppen ta nasjonaal kampioen. VCF is no dwaande mei de útwurking derfan yn transysjeagenda's. Op grûn derfan wurdt dúdlik tsjin hokker spesifike saken we oanrinne. Dan komme we ek mear en mear yn de fase wer we yn Den Haach en Brussel op grûn fan konkrete foarbylden pleitsje kinne foar regels dy't knelle.

Fraach 2:

Is DS it mei ús iens dat by súkses stribbe wurde moat nei in permaninte ôfwiking fan regels, as dat yn it belang is fan in sirkulêre ekonomy en it fierder gjin skealike/negative by-effekten hat?

Antwurd fraach 2:

Konkrete foarbylden binne nedich om suksesfol pleitsje te kinnen yn Den Haach en Brussel foar it oanpassen fan regels dy't knipe. As oerheid kinne en wolle we net stribje nei it ôfwiken, lit stean ûntdûken, fan besteande regels.

Fraach 3:

Is DS it mei ús iens dat sirkulêre oplossings op de eilannen ekstra nijsgjirrich binne, mei it each op de lange en dêrtroch djoerdere en minder miljeufreonlike transportbewegingen?

Antwurd fraach 3:

Der binne we it mei iens en net allinnich fanwegen de kosten. De eilannen binne sjoen har lizzing, tal ynwenners en ekposure yn de simmer tige geskikt as sirkulêre eksperimenteargebieten. Derom docht de provinsje ek in ûndersyk yn Flylan om te sjen wat der nedich is om it eilân sirkulêre te meitsjen.

Fraach 4:

Is it Kolleezje fan DS ree om him te ferdjipjen yn it boargerinisjatyf op Skiermûntseach om dêr op it eilân sels skjûn grienôffal te kompostearjen? Sa nee, wêrom net? Sa ja, binne jim dan ek ree om mei Omrin te oerlizzeren oer dy mooglikheid én mei de ynspeksjes of Ministearjes foar in ôfwiking fan de regels op it mêd fan de ôffalferwurking yn it belang fan de sirkulêre ekonomy?

Antwurd fraach 4:

Jawis. De provinsje heart graach konkrete foarbylden wer knellende regels de transysje nei de sirkulêre ekonomy yn de wei stean. Dizze foarbylden meitsje it mooglik om yn Den Haach en Brussel de oanpassing derfan te bepleitsjen. Lykas it bepleitsjen fan regelluwe sône.

By de gemeente Skiermûntseach is lykwols net in oanfraach bekend. Derom kinne wy net krekt beoardiele litte at hjir ek sprake is fan knipende regels. Dit foarbyld kinne we derom net brûke om knipende regels ûnder de oandacht te bringen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter


du Steats Hatinga

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris